FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan:
Bestjoer en meiwurkers fan IBS *’t Holdernêst*
Reitsmastrj. 32
9281 LD DE HARKEMA

Drachten, 24-10-2006

Underwerp: *’t Holdernêst wurdt trijetalich*

Achte bestjoer en meiwurkers fan ’t Holdernêst,

Wy hearden en liezen dat jimme de wichtige stap dien hawwe om offisjeel in trijetalige skoalle te wurden. Us *Feriening Frysk Underwiis* hat as ien fan de wichtichste spearpunten dat de skoallen yn Fryslân trijetalich wurde. Wy binne sadwaande tige wiis mei jimme beslút. Wy winskje jimme de kommende tiid dan ek in protte sukses ta om ien en oar goed te realisearjen.

Op ús webstek (sjoch ûnder) hawwe wy ûnder ‘aktueel’ omtinken jûn oan jimme parseberjocht en dat ek fierder ferspraat ûnder lju en organisaasjes dy’t goed ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer wichtich achtsje.

Jitris, sukses tawinske!

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,

Sytze T. Hiemstra,
skriuwer FFU